

FRYSKE AKADEMY

Ljouwert, desimber 2011

L.S.,

Op 23 jannewaris 2012 sil it njoggentich jier ferlyn wêze dat Bernard Smilde berne is. Foar Jan Breimer en dr. Jan Dirk Wassenaar, dy't in soad mei him gearwurke hawwe, oanlieding om him yn it sintsje te setten. Dat dogge se mei in boek dat – mei ûnder auspysjes fan de Fryske Akademy – by de Protestantse Pers/Uitgeversgroep Jongbloed Hearrenfean útjun wurdt. Yn dy mânske bondel steane fyftjin bydragen fan promininte skriuwers oer ûnderwerpen dy't de alsidige en warbere teolooch, muzykwittenskipper, komponist, frisist, oersetter en dichter by de ein hân hat, en oer de betsjutting dêrfan. It boek wurdt kompleetarre mei de bibliografy fan Smilde, listen mei syn komposysjes en bewurkingen, en fan syn beriming en oersettingen.

Graach noegje ik jo út foar de oanbieding fan


Dr. Bernard Smilde: tûzenpoat en trochsetter

op sneon 28 jannewaris 2012 fan 15.00 oant 17.00 oere yn de Grutte Tsjerke fan Ljouwert. Adres: Jacobinertsjerkhôf 95.

Foar it programma fan de gearkomste ferwiis ik nei de folgjende side.

Yn ferbân mei de organisaasje graach opjaan foar 21 jannewaris 2012, dat kin telefoanysk, skriftlik of fia de email: opjaan@fryske-akademy.nl

Mei freonlike groetnisse,
en graach oant sjen op 28 jannewaris,



prof.dr. Reinier Salverda,
direkteur-bestjoerder

Fryske Akademy
Coulonhûs
Doelestrjitte 8

Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden

Telefoan
+31(0)58 213 1414

Faks
+31(0)58 213 1409

E-mail
fa@fryske-akademy.nl

Ynternet
www.fryske-akademy.nl

Friesland Bank
298006200
IBAN: NL76FRBK0298006200
BIC: FRBKNL2L

ING
923369
IBAN: NL32INGB0000923369
BIC: INGBNL2A



**Programma fan de oanbieding fan *Dr. Bernard Smilde: tûzenpoat en trochsetter*
op sneon 28 jannewaris 2012 yn de Grutte Tsjerke, Jacobinertsjerkhôf 95 yn Ljouwert**

15.00 oere: tee en kofje

15.30 oere:

- Iepeningswurd troch prof.dr. Reinier Salverda
- Oanbieding fan *Dr. Bernard Smilde: tûzenpoat en trochsetter* troch dr. Jan Dirk Wassenaar
- Taspraak troch ds. Peter Verhoeff, preses fan de generale synoade fan de Protestantse Kerk in Nederland
- Oanbieding fan *It jier bylâns*, in bondel mei de lêste preken fan Smilde, troch ds. Johannes Bakker, foarsitter fan de Kristlik Fryske Folks Bibleteek
- Ofsluting troch prof.dr. Reinier Salverda

16.30 oere: in hapke en in drankje

Fansels sil ek muzyk makke wurde. Tusken de bedriuwen troch sil in gelegenheidskoar fan âld-studenten fan de Muziekpedagogische Academie fan Ljouwert – dêr't Smilde dosint oan west hat – ûnder lieding fan Gerben van der Veen in tal koarwurken fan Smilde hearre litte. Theo Jellema, oargelist fan de Grutte Tsjerke, sil it mienskiplik sjongen begeliede.

Jan Breimer en Jan Dirk Wassenaar (red.), *Dr. Bernard Smilde: tûzenpoat en trochsetter* wurdt útjûn troch Protestantse Pers / Uitgeversgroep Jongbloed It Hearrenfean; ynbûn, sirka 250 siden, mei yllustraasjes; ISBN 978-90-8525-034-0; it boek kostet op 28 jannewaris 2012: € 19,95, dêrnei : € 24,95. Nei de oanbieding sil de bondel by de boeketafel fan de AFUK te keap wêze.